



KURRIKULUM • FRL



Fyzje op it
leargebiet Fryske
taal en kultuer

Ferzje 5

Wêrom Frysk leare yn it pû en fû?

It antwurd op de fraach wêrom't ûnderwiis yn Fryske taal en kultuer in needsaak is, is trijeliddich.

It pedagogysk-didaktysk argumint

Bern moatte de mooglikheid krije om har yn har memmetaal te ûntjaan, omdat dy in wichtich ûnderdiel is fan har identiteit. 'Fersmytst de thústaal fan in bern, dan fersmytst ek it bern sels' (Jim Cummins).

Mei taal uterest eigen ideeën, ûnderfiningen, tinzen en gefoelens. De eigen thústaal brûke meie en dêr kennis fan ha iepenet net allinnich doarren nei wa'tst bist of wêze wolst (noarmen en wearden), mar draacht ek by oan mear selsfertrouwen en bettere ferwurking fan de learstof.

In goed ûntjouwing fan de earste taal biedt in stevige basis foar it learen fan oare talen en it ferwurkjen fan learstof yn it algemien. Foar Frysktalige learlingen is it foar har persoansfoarming en kognitive ûntjouwing wichtich dat sy de mooglikheid krije om (har yn) de memmetaal fierder te ûntjaan en har ek de skriuwtaal eigen te meitsjen. Foar net-Frysktalige learlingen fersterket it learen fan Frysk har meartalichheid, wat in oantoanbere positive ynfloed hat op it kognityf funksjonearjen.

It kultureel-maatskiplik argumint

It begripen, ferwurkjen en adekwaat reagearje kinnen op Frysktalige uteringen is foar alle ynwenners fan Fryslân wichtich om sosjale ferbiningen oangean te kinnen yn sawol ynformele (sosjale situaasjes) as formele konteksten (wurksituaasjes of offisjele situaasjes). Behearsking fan it Frysk is mei oare wurden fan belang foar it maatskiplik funksjonearjen yn dizze twatalige provinsje en hat boppedat in ekonomysk nut. Yn ferskate sektoaren, lykas de sûnensoarch, de tsjinstferliening, de media, oerheid en hoareka, is it in pree om it Frysk te behearskjen.

It taalpolitike argumint

Underwiis yn de Fryske taal is nedich foar it behâld fan de taal en de kwaliteit dêrfan. Fryslân is in meartalige provinsje mei it Frysk en Nederlânsk as offisjele talen. Elkenien yn Fryslân hat it rjocht om yn de provinsje Frysk te praten. Learlingen yn Fryslân hawwe boppedat rjocht op ûnderwiis yn en oer de Fryske taal. It Nederlânsk is de offisjele lânstaal en hat dêrtroch in oare **posysje as it Frysk**. Dat freget fan it ûnderwiis om omtinken te jaan oan de wearde en de status fan it Frysk **as minderheidstaal** en om ekstra tiid te besteegejen oan it learen fan it Frysk. It Frysk moat leard wurde op skoalle, sadat de posysje fan it Frysk yn de twatalige maatskippij fersterke wurdt.

Wat leare learlingen by Frysk yn pû en fû?

De ynhâld fan it leargebiet **Fryske taal en kultuer** wurdt hjirûnder beskreaun. Dêrby wurdt útgien fan trije kearnynhâlden: Fryske taalfeardigens en kommunikaasje, de betsjutting en it belibjen fan it Frysk en kultuerbewustwêzen. Dy trije kearnynhâlden foarmje mei-inoar de basis foar de fjouwer grutte opdrachten. De kearnynhâlden drage net allinnich by oan de kwalifikaasje fan learlingen, mar ek oan har sosjalisasje en persoansfoarming.

Fryske taalfeardigens en kommunikaasje

Ynwenners fan Fryslân dy't it Frysk net as memmetaal hawwe, moatte de Fryske taal leare (te begripen) foar har eigen en it algemien maatskiplik en ekonomysk nut en foar it oangean fan formele en ynformele sosjale kontakten yn Fryslân.

Learlingen krije kennis en feardichheden fan it Frysk op it mêd fan harkjen, praten en petearen fiere, lêzen en skriuwen. Sy wurkje oan har talige kompetinsjes troch yn alle fazen fan har ûntjouwing har talige kennis, feardichheden en attitudes op it mêd fan it Frysk út te wreidzjen en te ferdjipjen.

Learlingen leare om de Fryske taal te brûken yn betsjuttingsfolle, funksjonele konteksten. Sy leare om har kommunikaasje hieltyd better ôf te stimmen op it doel, publyk en de taalgebrûkssituaasje en se leare om passende taalregisters en taalfariëteiten te brûken.

Learlingen leare om te kommunisearjen yn ferskate, betsjuttingsfolle taalgebrûkssituaasjes. Sy ferwurkje en produsearje in breed skala oan mûnlinge, skriftlike, digitale en multymediale teksten. Sy ferdjipje har yn teksten mei in rike en útdaagjende ynhâld fan goede taalkwaliteit. De ûnderwerpen dy't oan bod komme, komme út it eigen leargebiet, út oare leargebieten of út in bredere maatskiplike kontekst.

Troch goed Frysk ûnderwiis wurde learlingen net allinnich feardich of feardiger yn de Fryske taal, mar wurde se har ek bewust fan har ferantwurdlikheid yn it behâld derfan. Frysk taalfeardichheidsûnderwiis bringt learlingen yn 'e kunde mei it Standertfrysk, dat yn mear of mindere mjitte ôfwykt fan it Frysk dat se kenne. Kennis fan de noarm makket it foar de learlingen mooglik om te kiezen hoe't se de taal sels brûke en har kar ûnderbouwe te kinnen.

De betsjutting en it belibjen fan taal

Taal is in wichtich útdrukkingsmiddel fan identiteit en emoasje. Omtinken en romte jaan oan de affektive funksje fan de Fryske taal draacht by oan de persoansfoarming fan sawol Frysktalige as net-Frysktalige learlingen yn Fryslân.

De kennis oer de Fryske taal kin brûkt wurde om it meartalich bewustwêzen fuort te sterkjen. Troch globalisearring, ynternasjonalisearring en migraasje, mar ek troch technologyske ûntjouwingen wurde we hieltyd faker konfrontearre mei nije en frjemde talen. Learlingen leare wat de wearde is fan dat ferskaat en wat de foardielen en de positive effekten binne fan meartalichheid. Omtinken foar de eigen taal en de mjitte fan meartaligens jout selfertrouwen en biedt in basis om mei oare, frjemde talen om te gean.

Troch kennis oer, refleksje op en it ferlykjen fan it Frysk mei oare talen, taalfariëteiten en byhearrende kultueren (lykas Nederlânsk en oare thústalen) ûntdekke learlingen hoe meartalich as sysels binne (thústaal, twadde taal, nije taal, strjittaal, ensfh.). Bewustwurding fan de eigen meartalichheid jout ynsjoch yn de rol dy't it Frysk hat as thústaal, twadde of nije taal, foar harsels, foar oaren en foar de mienskip.

Omtinken foar en kennis oer de posysje en de rjochten fan it Frysk, lykas beskreaun ferdraggen en belied, bringt learlingen bewustwêzen by fan de wearde fan it Frysk foar harsels en de minsken om har hinne. Kennis fan de erkenning dy't it Frysk hat yn it Eurpeesk Hânfest foar regionale talen of

minderheidstalen jout ynsjoch yn wêrom't it Frysk foar alle learlingen in wichtich leargebiet is.

Kultuerbewustwêzen

Behearsking fan it Frysk stelt learlingen by steat om folweardich diel te nimmen oan de twatalige Fryske maatskippij en om in better begryp te krijen fan Frysktalige uteringen op 'e strjitte, yn teksten en op de radio, telefyzje en sosjale media. Learlingen dy't har taalkompetint en kultuerbewust fiele, binne better tarist om ferantwurdlike boargers te wurden fan Fryslân en de maatskippij yn it algemien.

De wurdearring en de omgong mei de Fryske taal is ûnder de Fryske befolking net gelyk. Kennis en ynsjoch yn de Fryske taal opdwaan en dy taal leare beskôgjen út in meartalich perspektyf wei, draacht by oan it opbouwen fan in positive attitude tsjin it Frysk en oare talen en kultueren oer. Learlingen leare dat de Fryske taalsituaasje net op himsels stiet, mar ferlykber is mei dy fan oare minderheidstalen. Sy leare dat it behâld fan in minderheidstaal en -kultuer in ûnderwerp is fan mondiale betsjutting.

Hoe leare learlingen Frysk yn pû en fû?

Dirrerinsjaasje en omtinken foar thústaal

Foar it learen fan Frysk is it begjinpunt net foar alle learlingen gelikens. Der is in grut ferskaat yn de behearsking fan it Frysk tusken learlingen dy't fan hûs út Frysk prate en learlingen dy't dat net dogge. Learlingen dy't it Frysk as nije taal leare hawwe dêrtroch fansels in oar ûnderwiisferlet as Frysktalige learlingen.

It oanbod yn it leargebiet Fryske taal en kultuer moat oanslute by dy ferskate begjinsituaasjes fan learlingen. Dat betsjut dat learkrêften en dosinten har oanbod en didaktyk ôfstimme moatte op de ferskate taallearfazen fan learlingen. Fierders kinne learkrêften en studinten de learlingen stimulearje om gebrûk te meitsjen fan algemiene taalfeardichheden en -kennis dy't brûke wurde kin om nije talen te learen. Cummins neamt dat *the common underlying proficiency*.

Yn Fryslân komme neist it Frysk en it Nederlânsk ek oare (streek)talen en taalfariëteiten foar. Der kin op rekkene wurde dat elk ta in hichte meartalich is. Wurdearring en romte foar it ferskaat oan thústalen hat ynfloed op it selfertrouwen fan de learlingen. Bewustwurding fan de eigen meartaligens en de wearde fan de thústaal (it Frysk of in oare (streek)taal, of in dialekt) jout ynsjoch yn de betsjutting en de wearde fan de Fryske taal foar de mienskip, de oar en dysels.

Betsjuttingsfol en ynteraktyf

It oanbod en de learaktiviteiten dy't rjochte binne op de Fryske taal en kultuer hawwe plak yn in betsjuttingsfolle kontekst. Dat wol sizze dat de taalgebrûkssituaasjes realistysk en funksjoneel binne foar it learen fan it Frysk en dat de konteksten betsjutting jouwe oan it learen oer de Fryske taal en kultuer.

Ynteraksje mei oare learlingen en de learaar is in wichtich middel foar it ûntjaan fan de taal- en tinkfeardichheid. Learlingen moatte útdage wurde om ta kwalitatyf goede ynteraksje te kommen.

Essensjeel is dêrby dat der in ryk en korrekt (mûnling en skriftlik) taaloanbod is. Om de kwaliteit fan it taaloanbod te garandearjen is it fan krúsjaal belang dat de learkrêft in goede Fryske taalfeardichheid hat en de learlingen op alle nivo's feedback jaan kin.

Taalstimulearring kin op ferskate wizen en út ferskate ynfalshoeken wei plakfine. Watfoar ynfalshoeke as in skoalle kiest hinget ôf fan de fyzje op ûnderwiis en it (fak) Frysk en fan faktoaren lykas de beskikbere lestiid, ûnderwiisfoarm en de leeftiid fan de learlingen. Didaktyske prinsipen lykas CLIL (Content and Language Integrated Learning) en translanguaging, mar ek direkte ynstruksje en ûnderdompeling binne fan belang om de taalûntjouwing fan learlingen te stimulearjen.

Gearhing yn it leargebiet

It learen fan it Frysk of it learen oer it Frysk steane noait op harsels. Dêr't de learlingen yn de iene situaasje leare om it Frysk te lêzen en te begripen mei in tekst út de Fryske kanon, wurdt dyselde tekst yn in oare situaasje brûkt om learlingen wat te learen oer de Fryske kultuer, wylst dan tagelyk Fryske wurden leard wurde. De wurdskat wreidet him bygelyks út troch Frysktalige teksten oer Fryske kultuer te lêzen of troch Fryske (jeugd)literatuer te lêzen. By funksjonele Fryske skriuwopdrachten wurdt omtinken jûn oan stavering en grammatika. Betsjuttingsfolle konteksten hawwe in posityf effekt op de motivaasje foar en de wille by it útfieren fan taalaktiviteiten en it learen fan it Frysk. De boarnen dêr't mei wurke wurdt binne ôfwikseljend, eigentiidsk en fan goede taalkwaliteit en slute oan by de belibbingswrâld fan de learlingen.

Gearhing yn mei oare leargebieten

Yn curriculum.nu jout sawol it leargebiet Nederlânsk as Ingelsk/MFT omtinken oan meartaligens. Neffens beide leargebieten moatte learlingen altyd fierder gean mei de ûntjouwing fan de earste taal, as ûnderdiel fan har identiteit en foar it fuortsterkjen fan har taal- en kultuerbewustwêzen. Yn it leargebiet Frysk ferdjipje memmetaalsprekkers kennis dy't der al is en net-Frysktalige leare it Frysk Frysk as in nije taal. By beide groepen groeit yn de lessen Frysk it metalinguïstysk bewustwêzen. Dêrmei slút de fyzje fan it leargebiet Frysk oan op de fyzje op meartalichheid fan curriculum.nu.

It leargebiet Frysk rjochtet him spesifyk op de Fryske taal en kultuer. Algemiene (taal)feardichheden dy't part binne fan bygelyks leargebieten Nederlânsk en digitale belêzenheid wurde yn it leargebiet Fryske taal en kultuer net neamd, mar kinne fansels wol ynset wurde. As in skoalle Frysk brûkt as ynstruksjetaal by oare fakken (CLIL), kinne learkrêften derfoar kieze om ynstruksjes en oefeningen oer algemiene (taal)feardichheden te jaan en it Frysk as fiertaal te brûken. De transfer fynt dan plak nei oare fakken en talen, lykas it Nederlânsk. Dat freget fan learkrêften en dosinten om ferbiningen te lizzen tusken fakken en seksjes.

Trochrinnende learlinen

De basis foar de taalûntjouwing fan it Frysk wurdt foar in part fan de learlingen lein yn de thúsomjouwing en de foarskoalske perioade. Dat is net foar alle learlingen gelyk. Foar learlingen dy't fan hûs út net Frysktalich grutbrocht wurde, jildt dat har Fryske taalûntjouwing op de basisskoalle begjint. Foar alle learlingen, dus ek dy mei in beheinde Fryske taalfeardichheid, moat der in ryk Frysk taaloanbod wêze op skoalle. De opbou fan it kurrikulum Fryske taal en kultuer moat ôfstimd wurde op de ferskate begjinsituaasjes fan learlingen.

Op de basisskoalle komme bern yn 'e kunde mei de ûnderdielen fan it taalûnderwiis en mei it Frysk. Yn de ûnderbou leit de klam op it útwreidzjen fan de mûnlinge feardichheden en op it doarre te praten fan it Frysk, op it opbouwen en it útwreidzjen fan de wurdskat en it fergrutsjen fan de nijsgjirrigens nei de Fryske taal en kultuer en nei talen en kultueren yn it algemien. Differinsjaasje spilet dêr in belangrike rol by, sadat learlingen nei ferlet stimulearre en stipe wurde om de behearsking fan har thústaal te ferbetterjen of it Frysk as nije taal te learen.

Yn de boppebou fan de basisskoalle en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis bouwe learlingen fierder op wat sy leard hawwe en komt der mear omtinken foar skriftlike feardichheden. It oanbod is útdaagjend op it nivo fan alle learlingen en slút oan by de belibbingswrâld en it ferlet foar persoanlike en sosjale ûntjouwing en har (takomstige) kwalifikaasje. De betsjuttingsfolle kontekst feroaret fan deistige nei algemienere en kompleksere situaasjes. It publyk dêr't mûnling en skriftlik mei kommunisearre wurdt wreidet him út fan ynformeel nei formeler en learlingen leare om hieltyd adekwate eigentiidske media en tekstsoarten te brûken.